



S T E A T E F R A K S J E

FNP-steatefraksje
Postbus 20120
8900 HM Ljouwert
fnp@fryslan.nl

19 febrewaris 2015

Oangeande: fragen fan de FNP fraksje n.o.f. ferslach Bestjoerskommisje EZ fan SNN 18 novimber 2014
Fia statengriffie@fryslan.nl oan it Kolleezje fan DS fan Fryslân

Nei oanlieding fan de stikken hat de FNP-fraksje de neikommende fragen:

Yn de konsept-beslutelist fan de Bestjoerskommisje Ekonomyske Saken fan SNN fan tiisdei 18 novimber 2014 stiet ûnder punt 6 (Evaluatie Week van de Ondernemer) dat der diskusje is oer de stipe oan de 'Week van de Ondernemer'. Ut de tekst kinne wy opmeitsje dat troch SNN no struktureel ynsetten wurdt op in evenemint dat allinnich mar holden wurdt yn de stêd Grins. As reaksje op it pleit fan deputearre Konst om it te roulearjen omdat Fryske MKB-ers net sa gau nei Grins ta gean sille hat it Deistich Bestjoer (DB) fan net besluten om oan te stean op in oar plak fan it evenemint. Wat fierder opfalt is dat de sakebeurs TEL yn Ljouwert hielendal net neamd wurdt! Dêrmei liket der op dat mei Frysk jild (fan de provinsje Fryslân én de gemeente Ljouwert) allinnich mar ynsetten wurdt op de aktiviteiten yn de stêd Grins. Dat wol sizze, de Week van de Ondernemer, de nacht van de Uitblinkers en de Jonge Ondernemersprijs. Fierder wurdt praat oer in op te setten 'Noordelijke evenementenkalender'.

Fragen:

1. Wat is de bydrage fan SNN oan alle aktiviteiten fan de 'Week van de Ondernemer' yn jild en minskkrêft? En hoefolle is (omrekkene) de bydrage van de provinsje Fryslân en de gemeente Ljouwert oan de eveneminten yn de stêd Grins?
2. Wêrom stipet SNN, mei de provinsje Fryslân en de gemeente Ljouwert yn it DB, de TEL-beurs yn it WTC yn Ljouwert net wylst der wol swier ynsetten wurdt op in 'meerjarig event' yn de stêd Grins? Hoe ridlik fynt it Kolleezje dat, ek mei it each op it feit dat Fryslân de grutste provinsje is fan de trije provinsjes mei de measte ynweners en it grutste tal MKB-bedriuwen.
3. SNN is bedoeld as beliedsearme en 'slanke en linige' útfieringsorganisaasje fan subsydzjes. De Steaten fan Fryslân hawwe dat ferskate kearen útsprutsen. Wêrom moat dan in 'gestructureerde Noordelijke evenementenkalender' optúchd wurde? Wurdt sa'n 'evenementenkalender' op it kantoor fan SNN byholden? Sa ja, is it Kolleezje fan DS it mei de FNP iens dat der dan kennelik noch wol besunigingsromte by SNN oanwêzich is as ditsoarte fan wurksumheden dien wurde dy't fier fan de kearnzaak fan SNN ôf stean?